


CBO Meilân
O.f. 
Postbus 125
8500 AC JOURE

Ljouwert, 6 july 2021

Ferstjoerd, **- 7 JULI 2021**

Ús merkteken : 01895061
Ôfd/Opjefte : Subsydzjes
Opsteld troch : Subsydzjes - FK / (058) 292 59 25 of subsidies@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Fêststellingsbeslút oangeande jo oanfraach foar subsydzje for it dielnimmen yn organisearre groepsferbân oan in aktiviteit mei eachmerk kultueredukaasje. Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter.

Achte 

Op 23 april 2021 hawwe wy jo subsydzje-oanfraach yn it ramt fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter (hjinnei: de regeling) ûntfongen. Jo freegje in subsydzje fan € 6.632,92 oan foar it dielnimmen yn organisearre groepsferbân oan in aktiviteit mei eachmerk kultueredukaasje fersoarge troch in dêrta kwalifisearre saakkundige in 2018. (hjinnei: jo projekt). Jo oanfraach is by ús ûnder saaknûmer PF-2021/223927 registrearre. Yn dit brief stiet ús beslút en lizze wy út wêrom't wy dat beslút nommen hawwe.

Wat is ús beslút?

Jo hawwe jo subsydzje-oanfraach foar it yn groepsferbân bywenjen fan teäterfoarstellingen yn 2018 fan Tryater by ús yntsjinne nei't ús kolleezje fan Deputearre Steaten op 13 april II. besletten hat om jo mei in brief út te nûgjen om efternei subsydzje foar neamde aktiviteit oan te freegjen yn it ramt fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter 2021-2024. Oanlieding dêrfoar is de troch jo fia de mail op 28 oktober 2020 yntsjinne sjenswize tsjin ús earder foarnimmen om in fêststelde subsydzje yn it ramt fan de subsydzjeregeling Materiële ynstânhâlding Frysk yn jo neidiel te wizigjen.

Wy geane akkoart mei it efternei subsidiearjen fan de troch jo yn 2018 makke kosten. Dêrmei wike wy, op grûn fan kêst 5.4 fan de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân (hjinnei Asv 2013), ôf fan kêst 1.10, earste lid ûnder h fan de Asv 2013. Sa't yn ús gearkomste fan 13 april II. besletten is, liedt tapassing fan kêst 1.10, earste lid ûnder h fan de Asv 2013 yn dizze konkrete ûnfoarsjoene situaasje ta in ûnbinlikheid fan beskiedend aard, as de al troch jo makke en betelle kosten net subsidiabel steld wurde.

Wy hawwe besletten jo in subsydzje fan € 6.633,- te jaan.
 Wy stelle it subsydzje hjirby daliks op dat bedrach fêst.

Motivearring

Jo projekt past yn de doelstellings fan paragraaf 2.1. fan de regeling.
 Jo projekt foldocht ek oan de kritearia fan de regeling.

It giet om in subsydzje foar ien kear, dêr't yn it gefal fan takomstige aktiviteiten gjin rjochten oan ûntliend wurde kinne.

Wêr is it subsydzje foar bedoeld?

Wy jouwe it subsydzje op grûn fan jo folsleine oanfraach. Yn de ûndersteande tabel stiet hoefolle subsydzje oft jo de aktiviteit krije.

	Omskriuwing fan de subsidiearre aktiviteiten op grûn fan paragraaf 2.1 (kêst 2.1.2 c)	Totale kosten út begrutting	Subsidiabele kosten	Fêststeld subsydzje-bedrach
1	Kultueredukaasje fersoarge troch in dêrta kwalifisearre saakkundige foar de groepen 1 oant en mei 8	€ 13.265,84	€ 13.265,84	€ 6.633
	Totaal (maximale subsidie)	€ 13.265,84	€ 13.265,84	€ 6.633

Wat binne jo ferplichtings?

Mei behâld fan de ferplichtings dy't út de Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013 folgje, wurde by dizze fêststelling fan it subsydzje de neikommende ferplichtings oan jo oplein:

- Jo fiere jo aktiviteiten út sa't jo yn jo beskriuwing fan jo aktiviteiten oanjûn hawwe;
- As wy dat fan jo freegje, litte jo sjen dat de aktiviteiten dêr't jo subsydzje foar krigen hawwe, útfierd binne. Jo kinne dat dwaan troch it opstjoeren fan kopyen fan de faktueren en betelbewizen oangeande makke en betelle kosten fan alle subsidiearre aktiviteiten;
- Kosten fan de subsidiearre aktiviteit sels te meitsjen en te beteljen;
- De kosten op in dúdlike wize yn de administraasje fan de subsydzjeûntfanger wer te jaan;
- It kin wêze dat jo de aktiviteiten dêr't dit subsydzje foar bedoeld is, net, net op 'e tiid of hielendal net útfiere kinne. Ek kin it wêze dat jo net mear oan de ferplichtings foldwaan kinne. Dat moatte jo altyd daliks oan ús trochjaan;
- Jo moatte alle stikken dy't mei dit subsydzje te krijen hawwe, op syn minst fiif jier bewarje;
- De aktiviteiten moatte binnen 18 moanne nei de ferstjoerdatum fan dit brief klear wêze.

It net foldwaan oan de boppeneamde ferplichtings kin fan dy gefolgen wêze dat dizze subsydzjefêststelling ynlutsen wurdt of yn jo neidiel wizige wurdt op grûn fan kêst 4:49, earste lid, ûnderdiel c, fan de Algemene wet bestuursrecht.

Hoe wurdt it subsydzje útbetelle?

It fêststelde subsydzjebedrach is € 6.633,-. Wy stribje dernei dat wy binnen twa wike nei de ferstjoerdatum fan dit brief dat bedrach op jo rekken mei nûmer XXXXXXXXXX op namme fan CBO Meilân oerboekt hawwe. By de betelling fermelde wy it skaaimerke fan dit brief. As de neamde betelgegevens net (mear) doge, dan hearre wy dat graach fan jo.

Hokker wet- en regeljouwing is fan tapassing?

Op dit beslút binne de Algemene wet bestuursrecht, de Algemeine subsidzjeferoardering provinsje Fryslân 2013 en de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter 2021-2024 fan tapassing. Mear ynformaasje dêroer fine jo fia www.fryslan.frl en wetten.overheid.nl.



Op dit beslút is ek de Beliedsregel foar it foarkommen fan misbrûk en ûneigentlik gebrûk by subsidzjes 2017 (M&O-belied) fan tapassing. Dat betsjut dat wy kontrolearje kinne oft jo de aktiviteiten útfierd hawwe en oan de ferplichtings foldien hawwe. Wy dogge dat troch it opfregjen fan ynformaasje en it ôflizzen fan tafersjoch besiten.



Hawwe jo noch fragen?

Nim by fragen kontakt op mei de provinsje Fryslân. Dat dogge jo troch te beljen nei (058) 292 5925. Jo kinne ek in e-mail nei subsidies@fryslan.frl stjoere of in brief nei: Provinsje Fryslân, ôfdieling Subsydzjes, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert. Wy wize jo der mei klam op dat jo alle korrespondinsje mei ús oangeande jo projekt fia it neamde e-mailadres en/of postadres fiere moatte.

By kontakt mei ús graach altyd it saaknûmer PF-2021/223308 neame, dat wy jo better helpe kinne.

Mei rju achting,

 
Deputearre Steaten fan Fryslân

~~drs. A.A.M. Brok, foarsitter~~

~~R.F. Borius - Riemersma, MBA, MCM, sekretaris~~

Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- a. de namme en it adres fan de yntsjinner;
- b. de deitekening;
- c. in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is;
- d. de grûnen fan it beswier;
- e. de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.frl ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 51 57.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

P Art. 5.1 lid 5

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de onevenredige benadeling welke, in uitzonderlijke gevallen, wordt toegebracht aan een ander belang dan genoemd in art. 5.1 de leden 1 en 2, bij andere informatie dan milieu-informatie.